

# Spikergekke detektive mei in boadskip

Wêrom skriuwt immen in detektive dy't oanslút op in al besteande searje fan in oare skriuwer, yn dit gefal de Nier-en Dynte-syklus fan Reinder R. van der Leest. Woe Riemersma mei *De nije Sineeske muorre polityk-ynkorrekte roman* it ôfslutende achtste diel skriuwe? (Van der Leest woe der oarspronklik acht skriuwe, mar brocht dat tal letter werom nei sân).

GERBRICH VAN DER MEER

It is fansels ek mooglik dat er it skriuwresept fan Van der Leest ek ris útprobearje woe, of miskien is it gewoan in oade oan syn kollega-skriuwer. De nije sineeske muorre is opdroegen oan Reinder 'fansels', lykas foar oan yn it boek stiet.

Foar Van der Leest is dizze útjefte gjin ferrassing. Hy fersoarge lykas alle oare boeken fan útjouwerij Venus it omslachûntwerp.

Wat lay out oanbelanget liket dit boek ek sprekend op de tredde roman út de detektivesyklus *It moaiste famke fan Antarctica* dat yn 2002 troch Venus werprinte is.

## Detektivesyklus

Yn de detektivesyklus fan Van der Leest dêr't yn 1969 it earste diel fan útkaam, *Komme dy kepers*, fine wy gjin psychologysk útwurke portretten. Fynt de skriuwer ek net ynteressant. Him giet it om de kolder, it boartsjen mei taal. It is net samar dat de útspraak fan Oscar Wilde 'Yn literatuer is alles belangryk, behalven it ûnderwerp' it omkapt fan ien fan syn romans siert. Van der Leest kombinearret de spanning fan in thriller, de kolder fan in klucht en de maatskippijkrityk fan in satire, skriuwt Tineke Steenmeijer-Walinga yn har neiwurd by de werprintinge fan *Komme dy kepers?/Boef fan Rys* yn de Fryske Klassiken II.

„De ferhalen by Van der Leest binne net realistysk, de personaazjes sa optocht, dat se de lêzers net útnoegje ta identifikaasje en de skriuwer hellel frjemde fiten út mei it Frysk.” Van der Leest syn romans binne ynhâldlik en byldzjend 'spultsjes' dêr't skriuwer en lêzer har geniet oan hawwe kinne.

## Imitaasje

Diz' kear is it Trinus Riemersma dy't dat aventoer mei de lêzer oangean wol mei de Israëliaanske muorre as aktueel ûnderwerp. Kwa styl en opset imitearret er syn fakbroeder omraak.

It ferhaal suggerearret de spanning fan in thriller.

Dynte Planteit en Nier Hinnebruijer wurde op in moaie foarjiersdei yn it ald-Appelskeaster bosk

ûntfied troch in Israëliaanske geheime tsjinst. Yn Israël oankommen, wurde se harsenspield troch Fäde Aut en Schlaume Ocean en yn in pear moanne transformearre ta Krine Kroandea en Lella Bella.

Krine moat him jilde litte efter de opsmitten muorre ('de nije sineeske') yn it Palestinaanske gebiet en safolle mooglik Hamasleden útskeakelje.

Lella wurdt as hoer te wurk steld.

Bedoeling is dat sy tidens frijpartijen manlju útkloarket oer har posysje oangeande de Israëliaanske/Palestinaanske kwestje. Nei ôfrin sjongt se in moai ferske foar har.

## Ferline

Krine en Lella dogge har wurk oant der ûnferwacht in stikje ferline boppe driuwen komt. Krine sjocht it boek *Fjirtich jier taelstriid* op 'e merk lizzen: „It ferwûndert him dat dy wurden him bekend foar komme! Hy kin se ommers helendal net lêze! Hoe soe er dat kinne?” Ek yn Lella har ynprogrammearre ferline komme skuorren docht bliken: „Mar Lella sûcht de longen fol en sjongt in âld skoallelietsje út Cairo: 'Myn rykrakfyt fan stâl...'” De Israëliaanske geheime tsjinst sjocht gjin oare útwei as eliminaasje fan it twatal. Dêrfoar sette se alle prikken yn it wurk, mar júst dan begjint it

ferstân fan Krine en Lella wat better te wurkjen. Se rêde har der út.

De nije sineeske muorre is in spikergekke detective. Alles wat bryk is, wurdt rjocht praat en krekt oarsom. De personaazjes slaan ús mei allegearre partikuliere (foar)oardielen om de earen en wurde der net oars fan. Benammen Krine kin der wat fan.

Je moatte yn dizze roman ek foaral net sykje nei logika, want dêr komme je gjin stap fierder mei. Dus net freegje wêrom't júst Dynte Planteit en Nier Hinnebruijer ûntfied wurde troch de Israëliaanske geheime tsjinst. Net freegje nei it wêrom fan de opdrachten dy't Krine en Lella útfiere moatte. Net sizze dat it dochs wol hiel tafallich is dat Lella in lift kriget fan Krine.

## Kolder

Riemersma stapt net allinnich



It bosk by Appelskea. Op in moaie foarjiersdei wurde Dynte Planteit en Nier Hinnebruijer hjir ûntfied troch in Israëliaanske geheime tsjinst.

Foto: Frans Andringa

yn de fuotleasten fan Van der Leest wat personaazjes en aard fan it ferhaal oanbelanget. Ek by Riemersma fine wy it tagelyk folgen fan Dynte en Nier yn ferskillende ferhaallinen, it boartsjen mei typografy en ferwizingen nei taal: „No, hoe giet it. Giet it wat? Min Frysk, tinkt Dynte troch de pine hinne, yn geef Frysk freget men: Hoe is it?” Neist bekende personaazjes yntrodusearret Riemersma nije nammen neffens it-selde kolderprosedee: Sop en Brij Sleef, Gas en Rem Pedal, Fa Gina en Or Gasme.

Losrinnende personaazjes binne der ek. Yn it lân fan belofte helpt de barmhertige Samaritaan (side 60) Krine efkes op 'e glee.

Pol en Nils binne it paad bjuster: „Menhear, [...], soene wy jo wat freegje meie?” [...] „Wy binne Pol Verdromme en Nils Desperandum. Wy binne byfigueren yn misdieferhalen. Mar oant no ta hawwe wy neat fan in misdied fer-nommen, dat wy freegje ús ôf: sitte wy wol goed?” „Wy freegje ús ôf: sitte wy miskien yn it ferkearde ferhaal?”, seit Desperandum.”

## Polityk-ynkorrekt

Riemersma warskôget de lêzer fan te foaren. De roman is polityk-ynkorrekt. Dêrmei komme wy op it terrein fan de satire en ymplisite maatskippijkrityk.

Palestinianen en Israëlianen wurde troch de moster fitere en ûnderbûkgefoelens wurde plan-út nei foaren brocht: „De Palestinianen binne sa ûnderûntwikkele, se hawwe noch gjiniens bushaltes.” (side 108) Ek moatte je net raar opsjen as Krine 'Allahu Akbar' ferstiet as 'Allah gehakbal' mei de meidieling: „men kin fan in allochtoan net ferwachtsje dat er de taal daliks goed ûnder de knibbel hat”. Of dat er in homo as fyspeuk oansprekt en ôfslút mei de wurden: „It ferhûddûken fan minderheidsgroepen ta foardiel is in keunsk dat gauris fertuten docht.

As Krine lykwols op de nije Israëliaanske muorre om sit te skellen, kin de ferteller it net litte en uterje syn maatskippijkrityk eksplisyt: „Mar meidertiid sil bliken dwaan dat de bûtenkant fan 'e muorre de binnenkant wurden is. Net de Palestinianen sitte yn it getto, mar de Israëlianen hawwe har eigen getto boud. Fyftich jier nei't har foarâlden yn 'e getto's omkommen binne wurkje se oan har eigen isolemint en ûndergong.”

De nije sineeske muorre. Polityk-ynkorrekte roman fan Trinus Riemersma. Utjouwerij Venus. Priis: 15,90 euro.